


De Twirre



juny 2021



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 38e jiergong nr. 2: juny 2021. De Twirre is it fearnsjiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente. Kopij foar it kommende nûmer graach foar 1 septimer by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter	Siebe Hiemstra totzondag@gmail.com	till.	0546 - 840 484
Skriuwer	Auke Hoekstra Barmntlo 18, 7161 KH Neede a.hoekstra1@lijbrandt.nl		0545 - 29 2836
Ponghâlder	Piet Visser ponghalderffk@gmail.com		0546 - 825110
Leden	Grieteke van der Veer gpvdveer@gmail.com		074 - 291 8564
	Grietsje Posthumus grijshengelo@gmail.com		074 - 242 7217
	Joukje Eringa joukje.eringa@gmail.com		
Redaksje Twirre	Ali Bonhof, Reviusstraat 77, 7552 GH Hengelo lj.bonhof@gmail.com		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekkennûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Fryske siswizen

Gjin mich út 'e brij riere kinne - gjin doel oer it húshâlden ha.
It eint (avensearret) as in mich op in tarre planke - it sjit hiededal net op.
Twa miggen yn ien flap - twa saken yn ien muoite berêde.
Gjin mich kwea dwaan - tige guodlik wêze.
It is mar sán mich - it is mar in lyts, licht boud, minske.

Belangrike data...

Sneon 16 okt. Kritemiddei mei breamiel yn Boarterstúngelbou Boswinkel Beneluxlaan 50, Enschede. Sjoch hjirûnder! Ynloop om 13.30 oere.

6 sept. 2023 Frysk Boun om Utens bestiet 100 jier! Feest yn Swolle!

Hoe fierder?

Alle aktiviteiten fan de krite hawwe al oardel jier stil lein, útsein dan ús fantastyske Twirre. Mar der is ljocht oan de kime. De measten sille har prikken hân ha en dêrom wolle wy prebearje wer byinoar te kommen op sneon 16 oktober yn it Boarterstúngelbou Boswinkel, Beneluxlaan 50, Enschede. Ynloop 13.30 mei kofje of tee en oranjekoeke.

Oanfang 14.00 oere. Wy hawwe dan earst efkes in koarte fergadering om nije plannen te besprekken; yn jannewaris komt der dan wer in gewoane jiergearkomste. Dêrnei sjogge we in film oer it wurksume libben fan Grieteke van der Veer, dy't tûzenen lytse bern op 'e wrâld holpen hat as poppeheinster. Se sil der ek oer fertelle. Dan skoft! Dêrnei fertelt Siebe Hiemstra eat oer it o sa frjemde muontsen-skierelân Athos yn Griekelân, wêr't al mear as tûzen jier nea in frou west hat, behalve Ma-

ria. Der binne op Athos wol sa'n 20 kleasters. Je fiele je dêr alhiel yn de Midsiuwen. Siebe hat dêr fjouwer dagen omrûn. Hy lit der elk plaatsjes fan sjen.

Wa 't wol kin dêrnei noch bliuwe foar gesellich mei-inoar bôle-iten om 17.30 oere.

It probleem is dat we no noch net alhiel seker witte hoe 't de boel der tsjin dy tiid by leit. Begjin oktober ha wy noch in bestjoersgearkomste om te sjen oft alles trochgean kin. Dêrom moatte jimme jim efkes opjaan foar de middei en/of it bôle-iten, graach in wike fan te foaren. Wa't mei yt, kin dêr in frije gift foar dwaan.

Opjaan by Grieteke van der Veer 074 - 2918564 of by Siebe Hiemstra 0546 - 840480. Wy hoopje op in fijne middei mei elkoar, mar earst noch in gesellige en sûne, sinnige simmer tawinske!

□ It bestjoer

Frysk Boun om Utens yn 2023 100 jier!

It wie op 15 septimber 1923 dat “It Boun fan Fryske selskippen bûten Fryslân” oprjochte waard, mei as doel in ferbining te foarmjen tusken Fryske selskippen bûten Fryslân. Om dat doel te berikken sil it Boun alle middelen, dy’t dêrta tsjinje kinne, sa fûl ynsette as mooglik is. Earder, yn 1905, wiene der ek al sa’n njoggen Fryske krite bûten Fryslân dy’t in “Boun fan Fryske selskippen bûten Fryslân” oprjochten, mar yn 1918 waard dat Boun wer ûntbûn.

No, yn april/maaie 2021 telt it Frysk Boun om Utens (dy namme is yn 1948 oannommen) noch 14 krite dy’t by it Boun oansletten binne.

Op sneon 16 septimber 2023 wol it Boun it 100-jierrich bestean fiere mei in feest yn Swolle. Hjiroer komt letter mear ynformaasje.

Simmermoarn

Wat bisto leaflik rizende simmermoarn!

’t Opgeande sintsje laket my oan.

’t Hoantsje kraait kú-ke-lú! ’t Doke ropt; rû-kû-kû!

Ik wol ek sjonge fleurich fan toan.

Alles wat libbet docht der no sines by:

Fôltsjes en kealtsjes, hynders en kij.

Guoskes dy snetterje, skiepkes dy bletterje,

lamkes dy springe, nuvere blij.

’k Woe foar gjin gûne dat ’k jit te sliepen lei,

’t Is my sa noflik ier op ’e dei.

Protters dy tsjotterje, eksters dy skatterje,

Alles is fleurich; ik bin it mei.

’t Ljurkje yn ’e wolken, d’ eintsjes yn ’t lizich wiet,

Moskjes en sweltsjes, elk sjongt syn liet.

Earbarren klapperje, ljipkes wjukwapperje;

Skries op ’e hikke ropt: grito-griet!

Waling Dykstra

It Waad

Wy hawwe de kofjejûn al wer hân. Der wienen in lytse tritich minsken. Net min. It is in saaklike fergadering, dêr't wy de belangen fan ús feriening ûnder eagen sjogge. In kopke kofje, in stikje koeke en nei it skoft in sprekker dêr't wy wat fan opstekke kinne. It binne learsume byienkomsten. Diskear hienen wy in man dy't alles ôf wist fan it Waad.

De measten fan ús hawwe dat hiele Waad noch noait sjoen. Skoof en skande fansels! Dat sei dy man ek. It is ús wol dúdlik wurden dat wy fan dat Waad ôf te bliuwen ha. Ut noch yn, net oan komme. It soe raar jern spinne kinne. Neffens dy man moat it Waad neat minder as in kremkeamer wêze foar allerhande slakken, wjirmen en krobben dy't oars nearne sykhelje kinne as krekt dêr.

Ofbliuwe, oars soe it raar útkomme foar allerhande útlânske fûgels dy't dêr de kost beskarrelje moatte. Dy man bûn it ús goed op it hert. Ynkringend frege er: "Soene jimme it ha meie dat de guozzen út Siberië hjir gjin plak mear hienen?" Sa waarden wy der foar set. By de besprekking sei dy dwarsbongel fan in Weber dat de guozzen him sa kâld leinen as in stien en dat der wol oare dingen wiene om waarm foar te rinnen. De sprekker sei dat er sokke klanken by ús net ferwachte hie en dat it him sear die. Dêr koe ik ynkomme. It begrutte my wol.

□ Paulus Akkerman út "Wat wie 't wat"

Even puzelje

De oplossing fan de foarige Frysk-wurd-sudoku wie: fuotbalje.

Meitsje no trije echte Fryske wurden; se binne lykwols net sa gongber mear. De letters stean per wurd trochinoar; dy moat je dus yn de goede folchoarder sette. Ik jou de ûmskriuwing en ik ferklap dat dy wurden alle-gearre mei deselde letter begjinne.

e o r r g a	epidemy fan in besmetlike sykte of ek in moadeferskynsel*
u g s d	wat âlder swier lûkhynder
g n s e y t	rûch en hastich handeljend, oerdwealsk, rimpen

* Jimme sjogge dat ik fansels hjir ynspirearre bin troch de koronasykte; ik stuite yn in al âldere Fryske tekst op dit wurd, wat ik allinnich mar koe yn de betsjutting fan moadeferkynsel. Ik ferwûndere my deroer dat it Frysk blykber in hiel eigen wurd hat foar epidemy of pandemy. □ Eeke

Aldfaers Erf

Yn Allingawier stiet in bysûnder hearehûs, de Allingastate is in wat barokke wenpleats mei in tuorke en wielderich fersierde skoarstiennen en dakkapellen. Mei it poartegebou, in prieel en in koetshûs ropt it gehiel de sfear fan de 18e iuw op. Mar op in stien yn 'e gevel stiet 1993. Oannimmer Yde Schakel boude it hearehûs foar himsels, foar in part mei histoaryske materialen. Hy paste dêrby de kennis ta dy't er opdien hie by it restaurearjen fan histoaryske gebouwen. Yde Schakel wie ek de betinker fan de Aldfaers Erf rûte lâns de doarpen Allingawier, Eksmoarre en Piaam.

Al yn 1971 hie er it belang fan it histoarysk erfgoed yn 'e gaten. Schakel hat dêr in oantal gebouwen ferboud en benammen it terpdoarpke Allingawier is in echt museumdoarp wurden mei in bakkerij, in smidte en in museumpleats. Yn Eksmoarre is in doarpskoaltsje by in âld winkeltsje en yn it fûgelhûs yn Piaam is in grutte tentoanstelling te sjen fan opsette fûgels út dit gebiet. Je kinne de rûte mei de auto ôflizze, mar eins is de fyts hjir in passender ferfiermiddel. Fanôf it seal belibje je de omkriten fierwei it bêste. Yn 2004 hat de Stichting Aldfaers Erf de Allingastate oankocht. Je kinne in rûnlieding krije oer de bûtenpleats en even rûnsjen yn it rariteitenkabinet fan de eardere eigener, en je kinne der sels bliuwe te sliepen. Schakel is stoarn yn april 2020 yn de âldens fan 91 jier.

Aldfaers Erf: www.aldfaerserf.nl Allingastate: www.allingastate.nl.

□ Annemarie Bergfeld: "200 Plekken in Friesland die je echt gezien moet hebben"

Mei dûmny op stap

Better sjen. Dûmny kaam op kreambesite by de tolfte yn de húshâlding. Doe't er in skoftke sitten hie seach er in grutte goes op it hiem rinnen. "Ik wist net dat jimme in goes hiene," sei dûmny. It jonkje fan seis seach him ferheard oan. "Dat is gjin goes," antwurde er, "ús heit seit dat it ús earrebarre (oievaar) is. Dy hat, omt er hjir sa faak west hat mei in poppe, de knibbels fersliten en platpoaten krigen!"

Oege. Alle freden kaam Oege mei in knap stik yn 'e kraach fan de Ljouwerter feemerke nei hûs ta. Foar syn hûs lei in wat gammele planke oer de feart. Alle kearen as Oege sa fier wie om der oer, dan naam er de hannen gear en bea: "O hear help my." As er it brechje hast oer wie, rôp er: "t Hoecht net mear, Oege is der al wer oer!" □ Marten de Boer

Johan Veenstra

Ein maart, by de ôfsluting fan de dialektmoanne, is Johan Veenstra beneamd ta eare-boarger fan Weststellingwerf. En op 4 juny krijt de skriuwer út Nijeholtpade de sulveren anjer fan prinses Beatrix. Veenstra is de iennichste fulltime skriuwer yn it Stellingwerfs. Hy skriuwt al 50 jier yn dy streektaal. De sulveren anjer wurdt sûnt 1950 alle jierren útrikt oan minsken dy't har ynset hawwe foar de kultuer of natuer yn it Nederlânske Keninkryk. Oant syn ferstjerren yn 2004 rikte Prins Bernhard de ûnderskie-dingen út. Yn 2005 hat Beatrix dy taak oernommen. Veenstra skriuwt yn it Stellingwerfs. Hy is dêrmei fan belang foar de ûntwikkeling fan de literatuer yn it Stellingwerfs



en foar de streektaalliteratuer yn it algemien. De skriuwer fynt it: “Een hiel groot stuk erkenning veur alle werk dat ik vuuftig jaor doan hebbe.” It spyt him dat er fanwege de coronamaatregels gjin gasten meinimme mei. “Anders hat ik dattig meensken mitnommen noar it Paleis op 'e Dam en now gieniene. Ik goa der moederziel al-liend in de trein henne.”

Doarp (Kollum)

Núnderjend sit ik op myn fytske. Sinneklep op. Koarte broek oan. In bochtich dykje yn it flakke lân bringt my nei in lyts doarp. De beammen dêr lokje, want is er waarm. Op in bankje ûnder in machtige kastanje nim ik in stik bôle en in beker tee. It hiele doarp is myn terras en as selskip ha ik twa koerende Turkse toartels boppe myn holle.

As ik opstap komt der in man foarby op in âld fyts. Pet op, klompen oan. “Moai waar te fytsen,” groetet er nijsgjirrich. “Jo komme krekt op 'e tiid,” sis ik. “Ik sykje om it nije fytspaad, dat stiet noch net op myn kaart.” Hy wit wat ik bedoel en fyts mei my op om it oan te wizen. “Komt dit wol goed?” freegje ik oan myn gids, “it leit dochs oan de noardkant fan it doarp?”

“Wis, jo ha hielendal gelyk,” gnysket er, “mar wy dogge even in slach troch de buorren, dan ha se hjir wer wat te praten.”

□ Jantsje Oost

Pleats yn'e Puollen

Hoe't in tûke bûter- en tsiismakker derfoar soarge dat de Hiemstra's al mear as 120 jier in grutte buorkerij hawwe yn 'e Puollen tusken Deinum en Dronryp. Oer de bewenners fan *de pleats*.

Koartlyn wie ik efkes by it grêf fan myn âlden by de tsjerke fan Dronryp. Doe foel my op dat der oan har fuottenein twa djoere en o sa âlde grêfstiennen leine. Ik hie de tiid en ûntsfere de nammen en jiertallen. Thús fûn ik by "alle Friezen" dat dizze Koopmans ek wenne hiene op *de pleats*. Yn 1812 trouwde Kornelis Koopmans mei Antje Andringa en komme op 'e pleats. Har soan Jan is yn 1817 berne yn Menaam, mar doe wie de Puoldyk der noch net en koe men inkeld fia in tweintichtal hikken en stikken greide by Menaam op de iepenbiere wei komme. De pleats hearde doe by Menaam?

Jan trout yn 1848 mei Trijntje Tjisse's Bokma út Goutum. Yn 1849 bouwe hja in alhiel nije grutte pleats op 'e 50 ha greide. Mar der komme spitigernôch gjin bern. Trijntje har broer Bokke is boer yn Goutum en hy hat al twa famkes en twa jonges. Yn 1858 komt der noch in jonkje en se neame him nei har sweager: Jan Koopmans Bokma. Jan Koopmans is sa bliid mei de ferneaming dat hy yn 1859 in hûs keapet yn Dronryp. It jier dêrop komt Trijntjes broer Bokke

mei syn frou Ijtje Hellema en fiif bern op *de pleats*. Yn 1890 stjert Ijtje, 74 jier âld. Hja beheistere op de pleats altyd it bûter en tsiismeltsjen - der wie doe noch gjin molkfabryk. Wa moat dit no dwaan?

Hyltsje Hiemstra is boer yn Hylaard. Syn frou Pierkje stoar nei de berte fan har fiifde berntsje yn 1872. Jantsje Schaap dy't dêr al sûnt maaie 1868 faam wie, trout yn 1874 mei Hyltsje en in jier letter wurdt har soan Sybe berne. Yn 1880 stjert Hyltsje en twa moanne letter hâldt Jantsje boelguod. Nei wat omswalkingen komt hja mei de bern by widner Meinte Miedema yn Tytsjerk en trout mei him yn 1885. Mar it houlik rint alhiel net en yn 1891 wurdt Jantsje Schaap de tûke bûter- en tsiismakster op *de pleats*. Hja binne net skieden, dat koe doe noch net, mar der is gjin kontakt mear mei Meinte. Jantsje har soan Sybe trout yn 1897 mei Antje Bergsma en hja hiere in pleatske op Froskepôle by Huzum, Ljouwert. In jier letter wurdt har jonkje Hyltsje berne en twa jier letter Ruurd. Mar mem Antsje stjert nei tsien dagen oan bloedferlies en lytse Ruurd stjert

ek. Hja wurde yn ien kiste begroeven. No wennet Sybe allinnich op de Froskepôle mei syn jonkje fan twa. Jantsje Schaap wol by har soan ynlûke, dan kin se foar har beppesizzer soargje.

Mar op *de pleats* wol boer Jan Koopmans syn tûke bûter- en tsiismakster net kwyt en hy seit: “Lit Sybe hjir mar komme as arbeider, dan kinne jo moai foar syn jonkje soargje.” En sa bliuwt Jantsje op de pleats en wurdt Sybe arbeider op de Puollen. Jierren geane foarby. Hyltsje giet op skoalle yn Deinum, de Harnser trekfeart del en dan mei de oerset nei de oare kant. Dêr geane se ek nei tsjerke. Hyltsje helpt syn heit mei it melken en yn ’t hea. Mar op syn 16de wurdt er siik en hy stjerft oan tbc.

No is heit Sybe wer hielendal allinnich. In buorfamke, Afke, dat wolris helpt yn ’e húshâlding op ’e pleats, is o sa fereale west op Hyltsje. Hy koe prachtich oargelspylje en song dan út folle boarst de lieten fan Johannes de Heer. Doe’t er sa slim siik waard, wie er der wis fan dat er nei Jezus gong. Noch gjin twa jier letter, yn 1917, trout Sybe mei Afke Greijdanus. Hja skele 21 jier, mar it is in goed houlik.

Jan Koopmans Bokma, yn 1885 troude mei Gellandsje Hesselius, ferhuzet no nei Dronryp. Hja ha gjin

bern. Jantsje Schaap krijt in húske yn Deinum. De molke giet no nei it fabryk. Sybe en Afke hiere *de pleats*. In jier letter komt der in famke, Wintsje, wer twa jier letter in jonkje, Jan. Op 18 - 4 - 1920 wurdt Jan doopt en docht syn heit Sybe belidenis yn ’e tsjerke fan Bayum. Hy hat no wer frede mei God. Yn totaal komme er seis bern, trije jonges en trije famkes. Sybe fielt him as Job út de Bibel; earst alles kwyt, no dûbel gelok.

Yn 1933, as Jan Koopmans Bokma en syn frou Gellandsje stoarn binne, wurdt *de pleats* mei 23 ha grûn ferkocht, hierder Sybe Hiemstra keapet it spul. It oare lân gie nei oare erfgenamen fan Bokke Bokma dy’t dêr noch twa pleatsen bouwe. Yn ’e hjerst fan 1940 krijt Sybe in hertoanfal as er yn it bûthús sit te sjen hoe ’t syn frou, soan en arbeider oan it melken binne. Soan Oane giet dan mei syn mem Afke fierder mei de buorkerij. Yn 1948 trout Oane mei bakkersdochter Hinke van der Brug. Yn ’49 wurdt har jonkje Sybe Hyltsje berne, skriuwer fan dit stikje.

No, yn 2021, is syn broer Jan noch boer op *de pleats*. Hy hat 75 ha greide en melkt fiif kear safolle kij as syn heit destiids en dat mei minder minsken yn ’t wurk. Dêrom is de molke sa goedkeap.

□ Siebe H. Hiemstra

Simmereveneminten yn Fryslân (ûnder foarbehâld)

Skûtsjesilen

SKS

24 july Grou (start)
26 july De Feanhoop
27 july Earnewâld
28 july Terherne
29 july Langwar
30 july Ealahuzen by Ychtenbrêge
31 july Starum
2 augustus Wâldsein
4 augustus De Lemmer I
5 augustus De Lemmer II
6 augustus Snits (finale)

IFKS

7 augustus Hylpen
8 augustus Starum
9 augustus Heech
10 augustus Sleat
11 augustus rêstdei of ynheldei
12 augustus Ychtenbrêge
13 augustus De Lemmer I
14 augustus De Lemmer II (finale)

Heamieltdagen Boalsert: 23 oant en mei 26 juny

PC Frjentsjer: 4 augustus

Snitswike: fan 7 - 12 augustus

75-ste Gondelfeart Aldeboarn: 26 augustus

Flaijelfest Ald- en Nijhoarne: 25 septimber

Bolleongersdei Boalsert: 7 oktober

Iepenloftspullen

Jorwert: “Yn waar & wyn”

- 9, 10, 13, 14, 16 en 17 july www.ynwaarenwyn.frl

Rypstjerk: “Maistiid”

- 3, 4, 8, 10, 11, 15, 17 en 18 septimber www.wigproducties.nl

Snakkerbuorren: “Galgen”

Fanôf 15 septimber, acht kear www.iepenloftspulsnakkerbuorren.nl

Jorwert: #freonen?! (hest-ek-freonen?!)

Fan 21 aug. - 25 sept. op ferskate dagen www.iepenloftspuljorwert.nl

Easterwierrum: Berne-iepenloftspul Filmfertoaning
yn Doarpshûs de Tysker, ein septimber.

Op dit momint is der noch neat wis. Dus earst even neifreegje of op ynternet neisjen wat der trochgiet.



Horatius

Fiif satiren fan Horatius, yn it Frysk oersetten út it Latyn troch ús kriteid Atze Keulen. Horatius libbe fan 65 foar Kristus oant 8 foar Kr. Syn heit wie in frijlitten slaaf, mar hy hie mei syn lyts buorkerijke genôch jild spare om syn soan nei in goede oplieding yn Rome gean te litten. Doe't Horatius fersen begûn te skriuwen luts er de oandacht fan in pear foaroansteande minsken bgl. fan Maecenas, in rike man dy't in soad jild stuts yn keunst en kultuer. Tsjintwurdich wurdt in stiper fan kultuer ek wol in *Maecenas* neamd. It boekje is yn eigen behear útjûn troch Atze. It sjocht de prachtich út mei moaie yllústraasjes fan syn ferstoarne frou, Maaike.

Kamperfoelje (Fedde Schurer)

*It wie op in tille oer in donkere feart
Mei it byld fan de moanne deryn
Mar hoe komt it dat ik dyn namme fergeat
En dyn byld yn myn siel net mear fyn?
Ik ha dy wol lang yn myn earmen hân
En wy mienden 't sa earlik en wier
Jit wit ik de sulveren dauwe oer 't lân
Mar net mear de kleur fan dyn hier.
Fanke, do wiest sa ienfâldich en from,
En in dichter is wif fan hert.
Mar de rook fan de kamperfoeljeblom
Dy ferjit er syn libben net.*



Utstapkes

No 't wy yn dizze coronatiid gjin útstapkes meitsje kinne, it is no maart 2021, ha wy, Petie en Auke, toch leuke tochtsjes ûntdekt. Ik bin hjir, tegearre mei oaren by de greidefûgelbeskerming. It giet oer de bekende greidefûgels as de ljip, skries, strânljip, tjirk en de wylp. Spitigernôch wurde de oantallen elk jier minder. Wy wiene ein maart oan it sjen by greiden yn Rietmolen. Der wiene hiel wat pearkes ljippen, mar noch gjin skries te sjen. Doe kaam ik kollega Hans tsjin en wy wikselen wat gegevens út. Ik fertelde him dat wy noch gjin skries sjoen hiene. Hy sei: “Auke, gean marris te sjen by it ûnderstrûpte lân fan Staatsbosbeheer yn it Needs Achterveld, dêr binne se.” Wy dêr hinne en ja hear! We telden wol 23 skriezen. Op dy dei wie it moai waar; wat in lûd fan ljippen en skriezen dêr. Us dei koe net mear stikken! Ik wie eins al fan doel om nei Fryslân te gean om it lûd fan de skriezen te hearren. Mar no toch mar even net. Dizze skriezen bliuwe hjir net, se fleane letter wer fierder. Wêr't de skriezen yn Fryslân seker binne, is by boer Murk Nijdam “neam him mar Murk”. Ik bin alris by him west mei ús fûgelbeskermingsploech út de Achterhoek. Hy hat 6 hektare greide en hy set in



part dêrfan yn it foarjier ûnder wetter. Hy hat fierder ek noch in stik lân mei greppels en krûdenrykers. Hy brûkt ek rûge dong, sa't eartiids alle boeren diene. Om de piken de kâns te jaan grut te wurden, begjint Murk letter te meenen. Neffens him hat er *“it beste skriezelân van d'ierde”*.

No wer even werom nei de bosk yn it Needse Achterfjild. Om de rêst te bewarjen brûk ik de kiker en gean ik it fjild net yn. Wy ha dêr ek noch guozzen, merkels, sloben en reidhintsjes sjoen. Wy meie dêr graach sa no en dan hinne gean te sjen. Begjin april makken wy ek hagel- en sniebuien mei. Der sit in pearke ljippen te brieden. Ik freegje my ôf as de piken dit waar wol oerlibje. De lêste

kear dat wy der wiene seagen wy de earste swellen fleanen, dat be- tsjut dat der ynsekten binne. Dy ha de jonge ljippen nedich.

Myn leafde foar de greidefûgels is ûntstien yn myn jeugd yn Fryslân. Ik bin berne yn it doarpke **Boa- zum**. Dat leit tusken Snits en Ljou- wert yn. Myn âlden hiene dêr in kafé. Dat bestiet trouwens noch al- tyd. It is no mear im buerthûs wur- den; lekkere kofje! As we yn Fryslân binne moatte wy dêr altyd even in kopke kofje drinke. Yn myn jeugd giene wy der yn it foar- jier mei de polsstok op út. Sleatsje- springe wie soms bêst spannend; slagge it om oer dy brede sleat te springen? Ik kaam wolris mei wie- te fuotten thús, wêr't ús mem net

sa bliid mei wie. It gong der yn dy tiid ek om wa't it earste ljipaai fûn. Yn it eardere kafé stiet noch in fitrine mei de nammen en jiertal- len fan guon dy't it earste aai fûn ha. Dit kin no net mear. Mar myn leafde foar de greidefûgels is doe dus ûntstien. Alle maitiden wer. As de earste ljippen werom kom- me, wurd ik ûnrêstich; op nei de bekende lûden fan ljip, skries en strânljip. Dêr wurd ik bliid fan. Fan 't maitiid komme we seker wer te sjen by Murk yn de omkri- ten fan Wommels. Sjoch ek: www.gruttoland.nl Toch wer in leuk útstapke foar ús, teminsten as it kin fanwege corona.

IT GIET NOAIT WER OER!

□ Auke Hoekstra

Arcadia 2022 yn Ljouwert

Manifestaasje Arcadia biedt yn 2022 hûndert dagen keunst en kultuer yn Ljouwert. Der sille û.o. mear as tûzen beammen stadich troch it sintrum fan Ljouwert kuijerje. De manifestaasje is in soarte fan ferfolch op Ljou- wert/Fryslân Kulturele Haadstêd fan 2018 en duorret fan 7 maaie oant en mei 14 augustus 2022. Der wurdt in breed kultureel programma oanbean. Underdiel fan it programma binne û.m. de trije projekten BOSK, PARA- DYS en IIS.

BOSK is in traach bewegende keunstynstallaasje, in stadich rinnend bosk fan fiiftjinhûndert beammen, dat hûndert dagen lang troch Ljouwert lûkt.

PARADYS: 15 oant 20 ynternasjonaal bekende keunstners komme mei nij wurk om in oar ferhaal te fertellen oer Parklânskip Oranjewâld. Oran- jewâld, mei syn bûtenpleatsen fan eartiids en syn rojale parken liket soms krekt in paradys op ierde. **IIS** giet oer it iis as ferbiner fan de mienskip.

Want sa gau as it friest komme we massaal yn aksje om der foar te soargjen dat elkien it iis op kin, op redens, slide, rinnend of oars. □

(advertinsje)



FRI
ESM
USE
UM

It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgangspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in komplett oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

Cambuur kampioen

Op 12 april is SC Cambuur dochs Kampioen wurden yn de earste divyzje fan de KNVB. De Ljouwerter fuotbalklup waard kampioen troch in 4 - 2 oerwinning op jong AZ, wylst konku- rint de Graafschap net fierder

kaam as in lykspul tsjin Almere City. In wike earder promovearre de klup al nei de earedivyzje. In jier lyn stie Cambuur ek boppe-oan, mar doe waard de kompetysje stilsetten fanwege corona en hoewolt Cambuur doe eins kampioen wurde moatten hie, gie dat net troch. Der binne ek plannen foar it bouwen fan in nij stadion.

*Foar fuotbalklup Cambuur yn Ljouwert
wie net-promovearre in raar wurd.*

*Mar yn dit seizoen
binne se de kampioen.*

Moai dat in nij stadion boud wurdt.

Limmerik fan Atze Keulen

Keningljepper (Baukje Wytsma)

*Noch foar de oanrin syn eigen ritueel,
hannen gripe yn 'e loft,
fuotten roffelje ritmysk op it gers,
yn syn holle wurde stappen teld.*

*Dêr leit de barte...
de pols riist as in mêst op
út it blakstille wetter.*

*Linich as in kat klimt er yn 'e pols,
op iensume hichte wachtet opnij it deade punt.
Is de jint* te grut nommen, of net?
Op dy wiffe krusing tusken libben en dea
stûket it sykheljen fan de taskôgers;
wietsprong of útsprong?*

*Hjoed kriget er wjukken,
as in kening riist er út it sânbed op!*

* jint - ôfstân tusken de wâl en wêr't de polsstok yn 'e sleat setten wurdt



Resept

Flugge ierdbeisjem (ien potsje)

250 gram moaie geve ierdbeikes (lytse) 100 gram geleisûker spesjaal

Set in skjûn potsje klear. Doch de hiele ierdbeien, (sûnder kroantsjes) yn in panne en skep goed om mei de geleisûker, oant de sûker foar it grutste part fêstplakt sit oan it fruit en net mear as wyt grús los yn de panne leit. No op heech fjoer sette en trochrierden bliuwe mei in houten leppel. Der ûntstiet hieltyd mear read focht dat begjint te protteljen. Lit heechút twa minuten trochsierde. En jit de boel dan foarsichtich yn de sjempot en draai it lid der stevich op. Je ha no in read sop mei dêryn dobberjende ierdbeikes, dy't allegear omheech krûpe wolle. Draai de pot tidens de earste oere fan ôfkuoljen en opstiiwjen sa no en dan ûndersteboppen en rôlje it ek op de sydkant. Dan sitte de fruchtsjes aanst better ferdield yn 'e pot. Tip: Lytse ierdbeikes sjogge der leuk út yn de pot. Ha je allinnich grutte, snij se dan trochmidden. In hoekich sjempotsje kinne je moai op 'e kant lizze en draaie. □ Ut: "Het grote zónder pakjes en zakjes kookboek".

Tiden hawwe tiden

De ierdkarre. In houten karre op twa tsjillen (en in lytsen). Brûkt foar it modderriden, mar ek foar it ferfier fan molkbussen en lytsguod. En, útrist mei in jarrebak, foar it jarjen. Fier nei de oarloch noch yn gebrûk by de lytse boer dy't sûnder trekker buorke.

Oant 1870 ta brûkt de boer hast allinnich houten ark en wurktugen. Ta syn fêste útrissing hearre de kroade, de troch hynders lutsen haaiwein en in ierdkarre.



Boekenijs

Testamint fan de siel, Hylke Speerstra. Twa jonges belibje, alhiel los fan elkoar, in ferskriklike jeugd. De iene yn it Fryske wetterlân, de oare tusken in keppel mislearre ymmigranten op de Kanadeeske prairy. As bern wurde se oan harren lot oerlitten, mar se sette troch. Beide meitsje se karjère en fine se de leafde.

Wat se trochmakke ha en wat harren pleaget ferswijsje se. Oant se wer allinne komme te stean en yn Kanada, as âlde mannen, mei elkoar yn 'e kunde komme. Se reitsje oan 'e praat en fertrouwe elkoar ta wat se nooit kwyt woene. By tafal komme se der achter dat harren hertferskuorrende libbens ferweven binne. *Priis: 29,90.*

Efter it tried, Reimer van Tuinen. 76 Jier nei de oarloch, 75 jier nei it ferskinen, komt "Efter it tried" opnij ûnder de minsken; de kampherrinneringen fan Reimer van Tuinen. Elske Schotanus hat it bewurke en ynlaat. *Priis: 19,50.*

Koartsluting op it Swynserhûs, Klaas Elgersma. It Swynserhûs fan de Elgersma's by Britsum joech ûnderdak oan de top fan it Fryske ferset en ek oan in Dútske soldaat. Pakesizzer Klaas Elgersma skreau der in boek oer. De pleats stie net allinne in pear kilometer bûten it

doarp, hy stie ek nochris in ein it lân yn. Yn 'e oarloch it ideale plak foar saken dy't it Dútske deiljocht net ferneare koene.

De húshâlding waard, sûnder it te wollen, hieltyd fierder it ferset ynsûge, wylst de Dútsers in keppel yn beslach nommen hynders nei de pleats brochten mei de opdracht om dy te fersoargjen. En se krigen ek noch in Dútske soldaat ynkwartierd. *Priis: 16,00.*

Spiegel en sonde, Jetske Bilker. Haadpersoan Doutsen Pippy van der Hoop is de assistinte fan toskedokter Simone dy't mei swangerskapsferlof giet. As der in waarnimmer komt is it yn de war mei Doutsen. Sy en dy Joop Huizinga kinne net meimekoar. Doutsen rekke de grip op alles kwyt; op har baan, har houlik, de twa jonges (in hast folwoeksen twaling dy't noch thús wenje) en op har affêre mei de jierren jongere fotograaf Wilte. Mar komt dat mei troch Alzheimer of net? *Priis: 22,50.*

Om, Geart Tigchelaar. Geart Tigchelaar en syn fyts. Stadichoan is dat in bekend span wurden. Yn dit boek hat er inkelde ûnderfiningen dy't er ûnderweis opdien hat, ferwurke ta - sa't er it sels neamt - in psychologyske fytsroman. *Priis: 19,50.*

□ Ali

Witte jo dat...

- Op it strân fan Hollum op it Amelân in strânljip fûn is fan 34 jier âld? Dat die bliken út de ring fan de fûgel. Hy wie ringe op 16 july 1987 by Hoarn op Skylge. Dat is dus hast 34 jier lyn. Gewoanwei wurdt in strânljip net âlder as 20 jier.
- By Oldeholtpea in soad archeologyske fynsten út de 80-jierrige oarloch dien binne? It kaam foar it ljocht by graafwurksumheden oan de rivier de Linde. In bocht dy't earder rjochtlutsen wie, wurdt no wer iepen.
- Yn it Frysk Museum oant 18 july noch de tentoanstelling "*Haute Bordure*" te sjen is? Hast 500 stikken klean en asseswares bewize dat borduerwurk mear is as dekoraasje; it lit sjen wa't jo binne. Je kinne je fergapje oan fjouwer iuwen mei de hân makke borduerwurk yn de Nederlânske moade.
- De measte iepenloftspullen ferset binne nei takommen jier? Reptearje is mei de koronamaatregels net te dwaan. Fiif sille wol trochgean: dy yn Jorwert (2x), Ryptsjerk, Snakkerbuorren en Easterwierrum.
- De Bilkerts, dy't no al gjin eigen gemeente mear ha, ek har eigen krante ferlieze? Nei 86 jier ferskynt *De Bildtse Post* op 30 juny foar 't lêst. Sûnt de jierren 70 hie it Bildts in belangrike rol yn dy krante.
- It Ministearje fan Sosjale Saken gjin tastimming jout om jild foar Fryske taalles oan migranten beskikber te stellen? Dat is skealk foar it ynboargerjen yn de foaral tige Frysktalige gemeenten en it is yn striid mei it Europeeske hânfest foar regionale talen.
- It froulju's fuotbalteam fan FC Twente Nederlâns kampioen wurden is en dat dêr fjouwer Fryske fammen yn meispylje?
- De reedriders fan de kommersjele topteams fan 21 juny ôf yn Thialf it simmeriis op sille? Dat is twa wiken earder as pland. Fanwege de Olympyske Spelen yn febrewaris 2022 hiene de riders frege oft de baan earder iepen koe.
- Fan hokker plak der in foto op 'e efterkant fan dizze Twirre stiet? Foarige kear wie it fan St. Anne mei in byld fan Rembrandt en Saskia.



fryske winkel

boek kado cd idee
skiednis taal kultuer
poëzij printeboek roman
dvd kreamkado keunst
kursus kaart sûvenir

Bûterhoeke 3, Ljouwert 058-2343070
www.afuk.nl yfno@afuk.nl

Frysk
tichtby

afûk

Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere
krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58
Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09
Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63

